

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân
FNP, Dhr. S. Knol en
PvdA, Dhr. E. de Groot
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 16 maart 2021
Ferstoerd,

16 MAART 2021

Ús merkteken : 01847750
Ôfd/Opjefte : Omjouwingsaken
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurdiging skriftlike fragen oer definsjeradar Wier

Achte hearen knol en De Groot,

Jimme skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 9 febrewaris, beântwurdzje wy as neikomt.

Ynlieding:

Oanfoljende fragen oer oerlêst definsjeradar Wier

Nei eardere berjochten oer de lûdsoerlêst fan de nije definsjeradar yn Wier en de fragen dy't ús fraksjes op 25 jannewaris al steld hawwe oan it kolleezje, hawwe de FNP en PvdA inkelde oanfoljende fragen.

It docht bliken dat de omwenjenden in soad lêst fan steuringen fan elektryske apparatuer (û.o. TV, WIFI) hawwe, dy't ûntstien is nei de komst fan de nije definsjeradar. Der liket in direkt ferbân te wêzen, mar de omwenjenden krije de finger der net efter.

Fraach 1:

Wol it kolleezje der by it Agentschap Telecom op oantrune om rûnom de definsjeradar fan Wier in earlike en betroubere mjitting útfiere te litten, sadat dúdlik wurdt wat der krekt oan de hân is mei de TV- en WIFI-steuringen? As dat net sa is, wêrom dan net?

Antwurd fraach 1:

Fraach 1 en 2 beântwurdzje wy yn ien kear.

Fraach 2:

De radar is op it stuit noch yn de testfaze en it liket derop dat de apparatuer fan Definsje noch net goed ynsteld is. Is it kolleezje ree om yn oerlis te gean mei Definsje om de problemen mei de strieling op lossen?

Antwurd fraach 1 en 2:

Wy hawwe yn antwurd op jimme foargeande fragen oanjûn dat de provinsje hjir gjin rol yn hat en dat der al it ien en oar yn gong set is. Der binne troch meardere partijen Keamerfragen steld en de gemeente Waadhoeke hat in brief mei fragen oan Definsje ferstjoerd. Definsje is dus bekend mei de problemen en is op it stuit dwaande om de fragen te beäntwurdzjen. Ek sjocht Definsje, yn 'e mande mei de leveransier fan de radar nei (technyske) oplossings foar de problemen. Dêr is noch wol tiid foar nedich. Yn ôfstimming mei de gemeente besjocht Definsje hoe 't de minsken yn 'e omkriten sa goed mooglik oer de ûntwikkelingen oangeande de radar ynformearre wurde. De gemeente Waadhoeke hat de rol fan yntermediêr tusken Definsje en de bewenners op har nommen. De gemeente ynformearret de provinsje oer hoe't it proses ferrint. Op it stuit hawwe wy der alle betrouwen yn, dat Definsje yn gearwurking mei harren leveransier de klachten ta tefredenens fan de gemeente en de bewenners oplosse sil. Mocht bliken dwaan dat de provinsje earne yn it proses in mearwearde biede kin, dan binne wy dêr fansels ree ta. It stiet de omwenners fansels ek frij om sels in melding te dwaan by it Agentschap Telecom fia it formulier op de webside <https://www.agentschaptelecom.nl/documenten/formulieren/2019/07/02/formulier-storing-melden> of by Definsje fia it kontaktformulier op de webside www.defensie.nl/radarstations/contact

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius-Riemersma, MBA MCM, sekretaris